

Kirsten van Santen over Jannie Regnerus, *Nachtschrijver*

Beeldend kunstenaar en schrijfster Jannie Regnerus schreef met *Nachtschrijver* een ‘slow book’. Het is geen fastfood, geen hamburger die je snel naar binnen schrokt. *Nachtschrijver* is een werk om langzaam, geduldig, voorzichtig van te proeven.

Een ontmoeting met de blinde schrijver Tsjêbbe Hettinga op camping Stortemelk op Vlieland ligt ten grondslag aan *Nachtschrijver*. Daar was Regnerus, die opgroeide in Oudebildtzijl, op vakantie. Ze zwom met de dichter in zee en bracht hem terug naar zijn tent. Die kortstondige ontmoeting vormde de aanzet tot een boek over de dichter Blindman en Hannah, die als restaurator in het Rijksmuseum werkt.

Nachtschrijver leest als een ode aan Tsjêbbe Hettinga en aan zijn rijke geest waarin de beelden uit zijn jeugd zorgvuldig lagen opgeborgen. Toch is dit boek geen biografie; het is eerder een lofzang op het zintuiglijke, op het kijken met aandacht, het luisteren met aandacht, op het ervaren met aandacht. Aan haast elke zin die Regnerus schrijft, ligt een zintuiglijke waarneming ten grondslag. „Het noordelijk landschap woont in mij, net zoals het in Tsjebbe woonde”, zei Regnerus in maart 2017 in een interview. Dat demonstreert ze door uiterst precieze beschrijvingen te geven van Friese paarden, van graslanden en vergezichten, van de wind die langs je huid streelt en van druppels zeewater die uit haren druipen. *Nachtschrijver* is niet alleen een eerbetoon aan Tsjêbbe Hettinga en aan het Friese landschap; het is vooral een geschreven schilderij.

Coen Peppelenbos over *Poetic Potatoes*

Poetic Potatoes is de neerslag van iets veel groters: een project dat al werd opgezet voordat Leeuwarden Culturele Hoofdstad werd. Valetta op Malta was het al. Het verbindende element tussen Friesland en Malta was de aardappel. Het idee was even simpel als geniaal. Een zak pootaardappelen uit Friesland, uit 't Bildt om preciezer te zijn, ging vergezeld van een gedicht in vertaling en de aardappelen die terug kwamen brachten poëzie van Malta naar Friesland. Het idee heeft ook iets grappigs en een aardser onderwerp voor de poëzie is nauwelijks denkbaar en toch leverde dit uitgangspunt boeiende poëzie op. Van een bezwerend vadergedicht van Janneke Spoelstra tot gedicht waarin door Martin Reints een verbinding wordt gelegd met *De aardappeleters* van Van Gogh. Misschien de grootste verdienste van dit project wel dat er zoveel mensen bij betrokken zijn: van gelauwerde en gelouterde dichters tot beginnende dichters, ja zelfs piepjonge dichters van de basisschool die in de beste dadaïstische traditie een gedicht hebben gemaakt. Maar bovenal spat het plezier van de pagina's af en dat slaat direct over op de lezer.

Goffe Jensma over Elske Kampen, *Ynbyld*

Mei har earste trije gedichtebondels hat Elske Kampen har namme festige as in belangryk dichteres mei in hiel eigen lûd. Rûnom wurdt har wurk priizge om de rykdom fan taal en bylden en om de behearsking fan 'e technyk fan it dichtsjen. Har fjirde bondel *Ynbyld* past yn dy rigele. It boek is prachtich fan taal en nimt de lêzer mei troch de keunstige en betûfte ynset fan stylmiddels en ferrassende bylden.

Ynbyld past dêrnjonken ek yn hoe't de Fryske literatuer, en dan benammen de poëzy, yn de lêste desennia de hân útstekt nei oare keunstfoarmen. Yn dy sin liket *Ynbyld* fan in

ôfstân op *Poetic Potatoes*. Mar sa iepen as *Poetic Potatoes* is, troch syn meartaligens en troch syn iepen blik op de wrâld, sa yntym, sletten en nei binnen ta keard is *Ynbyld*. Dy titel kin betsjutte 'Yn byld'. By sawat elk gedicht heart ek in byld; it begjin hat lein by yn it boek ôfprinte kollaazjes fan kleurde stikjes papier. Mar it binne gjin yllustraasjes, it is oarsom. It gedicht is in besykjen fan de dichteres om troch nei dat byld te sjen, miskien al meitsjende-wei, en al assosjearjende harsels *yn byld* te krijen, mei alle emoasjes dy't dêrby hearre. It ûnderwerp fan dit boek is de dichteres har eigen yntimiteit, dat wat makket dat sy is wat en wa't sy is. Trochdat dit kwetsbere prosedee har sa masterlik ôfgiet, brekke de gedichten hoeden iepen en krije se universele herkenberheid.

It sjueryrapport

It is mei in soad plezier dat ik, mei út namme fan Kirsten van Santen en Coen Peppelenbos, it sjueryrapport foarlêze kin foar de Piter Jellespriis 2019.

De opdracht fan de gemeente Ljouwert is foar dizze priis hiel rom. De Piter Jellespriis is der ien dêr't de sjuery, om it sa te sizzen, syn eigen reglemint wol sawat foar opstelle kin.

It iennichste kritearium dat echt fêststiet is dat troch de brûkte taal of troch de kar fan it ûnderwerp de relaasje mei Fryslân ta utering brocht wurde moat.

De sjuery mei fierders sels fêststelle hokker seleksje at se meitsje wol út it grutte oanbod fan publikaasjes en oare as literêr oan te merken kulturele uteringen, lykas – wy neame der in pear op en wy dogge dat ek mei in reden - toanielproduksjes, iepenloftspullen, foto-projektsjes op kromme tuorren, teksten oan 'e muorren, op 'e dyk en op 'e glêzen, rûndraaiende poëzymasines, koartom it hiele 'literêre linguistic landscape' sa't dat him yn Fryslân yn elk doarp en yn elke stêd en soms midden yn it fjild foar ús eagen iepenet.

Fuort oan it begjin ha wy in pear beslissingen nommen oer wat wy út dat rynske oanbod **net** meinimme soene. Alderearst ha wy non-fiksje útsletten. Dêr binne de Wopke Eekhoff-priis fan de gemeente en de Joast Halbertsma-priis fan de provinsje foar, ha wy ornearre.

In twadde kar dy't wy diene kaam min ofte mear fuort út it feit dat de tsjinwurdige dichter fan Fryslân, Nyk de Vries, de foarige kear wûn hat mei in Nederlânsktalige roman (Renger is trouwens letter kreas yn it Frysk oerset). Wy woene alderearst nei Frysktalich wurk sjen. Dat wie ús ek al in bytsje ynskúnd want by it begjin fan ús taak krigen wy fan Jantine Verver dy't út namme fan de gemeente Ljouwert de organisaasje die – wêrfoar tank! – in lange list fan publikaasjes yn it Frysk oer de ôfrûne fiif jier. Dizze troch Tresoar byhâlden list joech in lytse 200 titels fan Frysk proaza en poëzy.

Wy hawwe dy list as útgongspunt nommen, mar net as gebod. Dat lit ek it nominearjen fan Jannie Regnerus har boek *Nachtschrijver* sjen. In prachtich boek yn it Nederlânsk skreaun troch in Fryske, dat wol sizze in Bildtske skriuwster, dy't skriuwt hoe't je sjen kinne, yn dit gefal nei in blinde dichter. Tsjêbbe Hettinga – Blindman - Nachtschrijver.

Ek yn oare opsichten ha wy it oanbod rommer sjoen as wat Tresoar opjoech. Troch de lange shortlist fan alve boeken ha wy sjen litte wollen hoe breed oft it oanbod oan literatuer yn Fryslân sjoen wurde kin en – nei ús miening – ek sjoen wurde moat.

Us falt nammentlik op dat literatuer noch hieltyd wol syn klassike posysjes ynnimt – de gedichtebondel en de roman – mar dat se harsels tsjinwurdich yn de maatskippij folle breder oppenearret. Dat kin wêze yn de foarm fan poetry slams of literêre festivals, mar troch de digitalisearring fan hoe't wy tsjinwurdich tekst útwikselje is it oantal mooglike foarmen fan literatuer winliken ûnbegrinzge wurden. Sjongteksten, fideo's, sosjale media-projekten, keunst en fotografy (tink oan de al even neamde projeksjes op de Aldehou) en fansels net te ferjitten it royale oanbod oan toanielproduksjes yn Fryslân. Wat dat lêste oangiet is, sa't wy der nei seagen, toaniel ien fan de sterkste pylders ûnder de Fryske literatuer mar tagelyk ek ien de meast ûnderskatte foarmen, benammen ek trochdat sa'n soad jonge skriuwers har hjirmei dwaande hâlde. Der is in Ljouwerter priis foar poadiumkeunsten, mar wy soene it as sjuery in goede saak fine as der ek in spesifike provinsjale priis komme soe foar toaniel. Je moatte de hûd kitelje dêr't er it gefoelichst is.

Digitalisearring en demokratisearring fan literatuer rinne lykop. Datselde hat ek wer effekt op de mear klassike, printe boeken. Hieltyd faker sjogge je hoe't dêryn socht wurdt nei cross-overs fan literatuer mei oare foarmen fan keunst, dat kin in bysletten CD wêze mei songen of útsprutsen teksten, it opnimmen fan in webadres, of it kin ek gean om it opnimmen fan byldzjend materiaal. Elske Kampen brûkt yn har boek *Ynbyld* byldzjende keunst om sa as in magiër de doarren nei har ûnderbewuste iepen te setten.

Ek opfallend is hoe't de meartaligens fan literatuer hieltyd mear fanselssprekkend begjint te wurden. Dat lêste is ek by útstek it gefal yn *Poetic Potatoes*, in folslein meartalige bondel yn it Frysk, Nederlânsk, Ingelsk en Maltees. Dit spesifike projekt mingt ek mear as allinnich talen trochinoar, it mingt twa soarten fan publyk: ierpelboeren en dichters, en twa nasjonaliteiten: Maltezen en Friezen. En sûnder dat it allegear ek mar even benearjend wurdt of nasjonalistysk begjint te klinken, lit *Poetic Potatoes* de wearde en de krêft fan it lokale en fan de eigen kultuer sjen.

Sûnder ôf te dwaan oan de wearde fan de beide oare nominearre boeken, lit *Poetic Potatoes* nei ús betinken troch dit alles it bêst sjen hoe't Ljouwert/Fryslân op in goede en iepen manier ûnderweis is fan Kulturele Haadstêd 2018 nei Leeuwarden City of Literature/Ljouwert Stêd fan Literatuer.

* * *

Ta beslút wolle wy graach in opmerking meitsje oer Malta. De partnerstêd Valetta op Malta bliek yn 2018 net in hiel gelokkige kar as oarehelte. Dat no krekt yn de ôfrûne wiken op Malta rjocht socht liket te wurden oangeande de moard op de sjoernaliste Daphne Caruana Galizia is in geweldich positive ûntwikkeling en it is goed der hjir melding fan te dwaan. It docht ús as sjuery deugd, mar it hat op gjin inkele wize ús úteinlike kar-út bepaald.